



HANTLIEDING TSJIL TSJEKT - (D)yn waar en wyn!

Wolkom by Tsjil Tsjekt! Wat moai dat jim meidwaan sille! Jou antwurd op de fragen fan Raynaud en skoar pompies! Wurdt jim klasse de 'Tsjilste klasse fan it jier?'

Praktyse saken foar elke Tsjil Tsjekt. Gean nei www.tsjiltsjekt.nl, loch yn en sykje it programma op.

De Tsjallenge van dizze Tsjil Tsjekt:
Meitsje in kettingreaksje yn de klasse en filmje it resultaat. Stjoer jim filmke nei tsjil@omropfryslân.nl en fertsjinje 300 ekstra pompies!

Noch gjin Spoar 8 en/of Tsjil by jim op skoalle?
Freegje de metoade en it tydskrift hjir FERGEES oan:
<https://taalplan.frl/oanmelde/>

Sukses en in soad wille mei Tsjil Tsjekt!

Mear dwaan mei dit tema?
Yn de metoade Spoar 8 binne ferskillende materialen te finen. Doch in aktiviteit út de metoade of kombinearje de materialen út Spoar 8 mei oare fakken.

Temateek
Yn de tema's 'Wiis mei ús planeet!' en 'Tiden hawwe tiden' fynst losse materialen dy't passe by it tema. Bygelyks oer wetter, natuerkrêft, klimaat, terpen en it Woudagemaal.

Taalaktiviteiten
'Dit is myn seizoen' – oer de kenmerken fan ferskillende seizoenen, learlingen skriuwe in koart gedicht

Projekten
'Ik hâld fan de seizoenen' – oer seizoenen, learlingen hâlde in moadeshow

'Eefkes yn it waar sjen' - oer it waar, learlingen meitsje en presintearje in waarberjocht

'Ut watfoar hoeke waait de wyn?' oer enerzjy en duorsumheid, learlingen fiere in debat oer wyn-enerzjy

'De krêft fan de natuer' – oer bysûndere krêften yn de natuer, learlingen meitsje in stappeplan foar in eksperimint

Yn it tydskrift Tsjil steane neist ferskillende teksten oer it tema ek nijsgjirrige nijsjes, spulstjes en in strip!

